

FERSLACH

Algemeine Iedegearkomste *It Skriuwersboun*

1 novimber 2018 yn Tresoar 17:30 – 20:00



Oanwêzich

Meindert Reitsma, Lida Dykstra, Jan Schotanus, Ytsje Hettinga, Janneke Spoelstra, Janneke de Boer, Paul van Dijk, Sigrid Kingma, Jetze de Vries, Douwe Kootstra, Willem Verf, Popke Popma, Jetske Bilker, Trevor Scarse, Geert Nauta, Syds Wiersma, Hein Jaap Hilarides, Koos Tiemersma
Bestjoer It Skriuwersboun: Tryntsje van der Veer (foarsitter), André Looijenga Geart Tigchelaar (ferslach)

Ofmeldings

Tsead Bruinja, Lomme Schokker, Bauke Zijlstra, Tialda Hoogeveen, Anne Popkema, Lomme Schokker, Aggie van der Meer, Ulke Broelsma, Giny Bastiaans, Lieme Lautenbach.

Tryntsje van der Veer iepenet de gearkomste om 18:05 oere nei't elkenien sop en broadsjes hân hat.

Ynkommen en útgeande stikken

It measte ferkear giet no digitaal. De ynkommen stikken binne benammen útnûgings en oproppen dy't de sekretaris omstjoerd nei de leden bywannear't dat fanneden is.
Utgeande stikken binne almeast amtlike stikken. By fragen is ynsjoch mooglik.

Omtinken leden

Sigrid: Sprekt in moai in memoriam út oer Steven H.P. de Jong.

Hein Jaap: Hy sil de útspraak fan Riens Gratama nea ferjitte: 'It hiele libben rippetearet men, mar de útfiering komt nea.'

Fierders binne in pear koarte oantinkens ophelle oer Joop Boomsma en Piter Yedema.

Njonken it feit dat dit jier ús leden ûntfallen binne, binne der ek nije leden bykommen. Us meast farske lid Trevor Scarse wie ek by de ALG oanwêzich.

Ferslach ALG fan 5 oktober 2017

Willem: It foarskot dêr't er yn de gearkomste it oer hie ûnder Meidielings is fakultatyf. Willem hat it mei syn lêste boek easke fan 'e útjouwer en wol skriuwers oanriede om dat ek te dwaan.

Willem: Hy is bliid dat it literatuerbelied fan Tresoar omtinken krigen hat binnen it SKB yn de foarm fan in Tinktank. Mei de punten fan it SKB is noch net folle dien. It FLMD (dêr't hy foarsitter fan is) sil op 'e nij mei Bert Looper yn petear. Willem freget it SKB en yndividuele leden om it FLMD dêryn te stypjen.

Jan: Jan wol nochris neame dat it bestjoer by BFF/Afûk oanstean moat om aksje te ûndernimmen. Yn de earstkommende Tinktank sil dêr omtinken oan jûn wurde. Alex de Jager (direkteur Afûk) en Ernst Bruinsma (projektlieder Boeken fan Fryslân) sille útnûge wurde.

Produktplan 2019 en finânsjele stikken 2017: de stikken binne oan de leden omstjoerd. It Produktplan is by de Provinsje Fryslân yntsjinne as in konsept troch it bestjoer. Nij is de oanfraach foar de wurkgroep Toaniel.

De finânsjele stikken binne opsteld troch Althe Consultancy, Amersfoort, lykas ferline jier. Dat hat te krijen mei de kombinaasje foarsitter/waarnimmend ponghâlder en de situaasje yn 2016 (sjoch ferslach ALG 2017). Wy sykje yn it bestjoer noch altyd in ponghâlder.

Kaskontrôle: Tryntsje freget oft der twa minsken binne dy't de kas kontrolearje wolle fan 2017. Hein Jaap en Syds melde harren.

Nei oanlieding fan in pear opmerkings wurdt it ferslach akseptearre.

Jierferslach 2017

Willem: Hy stelt foar dat der bêst in frijwilligersbydrage takend wurde kin foar bestjoersleden. Faaks dat dêrtroch der ek makliker (jonge) minsken ree binne om sit yn it bestjoer te nimmen. By gjin ferlet kin it as jefte weromstoarten wurde. It bestjoer sil dizze opsje ûndersykje mei it each op it budzjet.

Hylkje Goïngawedstryd (eardere Ferhalewedstryd)

Yn 2019 sil de ferhalewedstryd wer plakfine. Dêrfoar binne alwer ôfspraken mei Gerbrich van der Meer (*Friesch Dagblad*) en ek Tresoar makke. Dy lêste mei it each op it feit dat wy de namme Hylkje Goïnga deroan ferbine wolle en dan in partner needsaaklik is om de kontinuïteit garandearje te kinnen. De namme kriget ynstimming fan 'e leden. Oerlis sil plakfine mei de famylje fan Goïnga.

Finansjele stikken en Produktplan 2019

Willem: Hy miste in post oer it jubileum foar takom jier. Dêr binne de reserves foar, seit Tryntsje. (punt komt fierderop werom). Douwe heakket ta dat it in boartlik feest wurde moat.

Toaniel is as aparte groep by it Produktplan kommen.

Privacyformulieren

It bestjoer freget de leden om de formulieren yn te foljen en op te stjoeren.

Jetske: Wat hâldt it 'oansprekkende' yn yn de rigel: 'om foto's te pleatsen en nammen te neamen op de webside, dit nei oankundiging foarôf foar elke gelegenheid/gearkomste'. André jout ta dat it in epiteton ornans is yn in saaklik stik.

Janneke de B.: It kin ek sa dien wurde dat dejinge dy't net op ynternet ferskine wol dat eksplisyt oanjout. It liket Tryntsje de baas om it dochs sa te hâlden sa't it bestjoer it no docht, dat fan elk lid wurdt in ynfolle formulier ferwachte, sa is it ek by oare ferienings wizânsje.

Skriuwearzen en literêre subsydzjes Provinsje Fryslân

Jan: Der binne ferskate potsjes, dat om hokfoar potten hawwe wy it no krekt oer. Bygelyks it Utjeftefûns wurdt wol goed gebrûk fan makke.

It giet echt om de skriuwearzen, de oersettersbearzen wurde ek wol brûkt.

André: Der binne beskate betingsten dy't behoarlik beheind binne. Dat hawwe André en Geart ek ynbrocht doe't hja mei de amtners om 'e tafel sieten.

Sigrid: Foar toaniel is allinnich jild foar selskippen, net foar yndividuën. Fierders neamt se dat der jild is foar crossovers, dat wer ûnder in oare subsydzjeregul falt.

Willem: Ast in útjefte hawwe wolst yn it Dútsk/Ingelsk moastst al in útjouwer hawwe.

Geart: As elkenien ris nei de subsydzjebetingsten sjen wol de webside en syn/har krityk trochmaile wol, dan kin it bestjoer it mei de Provinsje opnimme:

https://www.fryslan.frl/subsydzjes/subsydzjes-regelingen_41858/rubriek/fryske-taal_556.html

Skriuwearzen Nederlânsk Letterefûns

As in (goede) útjouwer jo útjaan wol yn bgl. it Dútsk, dan betellet it Fûns de oersetting en in part fan 'e printkosten.

Reis- en oersetkosten wurde fergoede troch it Fûns foar ynternasjonale festivals. Belang dêrby is wol om kontakten te meitsjen of nei festivals lykas *Poetry International* yn Rotterdam en *Crossing Border Festival* yn De Haach ta te gean.

Bestjoerssaken

Wy binne bliid Paul van Dijk as nij bestjoerslid te hawwen!

Johannes koe spitigernôch net komme en sil op in letter tiidstip betanke wurde.

Leden foar de kaskontrôle 2018: Meindert foar it kommende jier (en ien fan de oare beide fan dit jier, Syds of Hein Jaap) en Janneke S. foar it jier derop.

Tinktank

De earstkommende byienkomst is op 23 novimber om 17:00 oere yn Wouters om it oer BFF/Afûk te hawwen.

Wurkgroepen

De Oersetterswurkgroep bliuwt in sliepende post dy't ynsetten wurde kin wannear't dêr ferlet fan is. Mei de Toanielwurkgroep hawwe wy in pear moaie byienkomsten hân en wy sille no sjen hoe't wy fierder sille. Der is ferlet fan in soarte fan workshop. Keunstwurk hat soks ek (wat de leden ek tamaild krigen hawwe), mar dy is yn it Nederlânsk.

Ynbring fan leden/omfregjen

Jetske: De lêste freed fan 'e moanne is altiten de Fremibu der. Jetske is der jimmeroan, dat minsken komme dêr net allinnich te sitten. Jetske is bliid mei Geart dy't it wakker omtwitteret. Se docht it net foar harsels, mar foar it SKB en de skriuwers. Dat kom allegearre!

Sigrid: Moarn (2 novimber) is de bondelpresintaasje *It leafst bin ik in fûgel*, dêr't elk by dizze foar útnûge is.

Douwe: Der is wol wat dien oangeande literatuer mei LF2018, mar de PR is fierstente min. Der hienen minsken frijmakke wurde moatten foar dit jier om goed op 'e trommel slaan te kinnen. It hong no tefolle ôf fan de oanbelangjende skriuwer(s) sels.

Syds: Ropt de leden op om fideo- en audiomateriaal oangeande skriuwers oan te bieden oan it Fries Film Archief foar harren temakolleksje.

Foar it 50-jierrich jubileum fan it SKB wurdt fuortdaliks in Feestkommisje yn it libben roppen. Jetske Bilker, Hein Jaap Hilarides wolle dêr graach sit yn nimme. Pier Boorsma en Pieter de Groot soenen dêr ek by moatte, mei't hja lid binne salang't it SKB bestiet.

Tryntsje slút de gearkomste troch de leden tank te sizzen foar harren oanwêzigens en ynbring. Elk kin in bakje kofje en tee nimme om dêrnei harkje te kinnen nei Sytse Jansma en Janneke Spoelstra oer

harren befinings yn it bûtenlân. Oanslutend kin de lêzing fan Jelma Knol (Tresoar/dBieb), bywenne wurde. Wy tankje de organisaasje foar de gearwurking dizze jûn.

Skoft

Sytse Jansma

Sytse hat in prachtige tiid hân yn Kenia. It grutte kultuerferskil wie faak konfrontearjend mar ek ynspirearjend. It hat him goed bewust makke dat syn skriuwen beynfloede is troch de literatuer en kultuer fan (Noard)-Europa. Hy hat dêr optreden en workshops jûn, ferskate skoallen besocht en ek foarlêzen út it berneboek *Wapper*. De oarspronklike literatuer fan Kenia hat him ynspirearre. De fersen binne sterk realistysk en hawwe in bepaalde urginsje. Poëzij wurdt faak ek sjoen as in medium foar aktivisme. It wie in yntinse tiid troch de korrupsje dêr en de mentaliteit fan de minsken. It festival sil him lang by bliuwe.

Janneke Spoelstra

Troch in oprop fan it Skriuwersboun (dy't benadere wie troch it NPLD om it út te setten) is Janneke útkeazen om nei it Transpoesie Festival yn Brussel ta te gean yn septimber. Dêr hat se foardroegen op in konferinsje foar meartalich ûnderwiis en de deis derfoar meidien oan in flashmob. In fragmint fan har 'winnende' gedicht 'Altyd alve' wie in wykmannich te sjen yn de Brusselske metro. It gedicht stiet, mei oersettingen, op 'e Transpoesiewebsite: <http://www.transpoesie.eu/>. It optreden is werom te sjen op: <https://webcast.ec.europa.eu/european-day-of-languages-multilingual-education-and-cultural-expression>. It soe moai wêze as der yn 2019 of dêrnei wer (ris) in Fryske dichter meidwaan soe. Hâld dus de iepen call fan it Festival yn 'e gaten.

GT111118